

Revue [^]Ald De Bernewrâld

Ien grut sirkus...



100 jier kristlik ûndersûs Tsjerkwert/Dedzjum

De Bernewrâld

Wijnsen Scheltes Faber

“De bernewrâld, sa tear, sa fyn,
dêr leit de hiele takomst yn.

Dy lytse berntsjes, gol en blier,
it binne bledtsjes wyt pompier.

Dêr skriuwt men op al hwat men wol,
it hiele wite bledtsje fol;

En, hoe't men letter triuwt en wriuwt,
It wol net út: it measte bliuwt.”

* Wijnsen Scheltes Faber waard as soan fan 'e smid te Arum berne op 21 augustus 1830. Faber waard skoalmaster. As skoalmaster hat hy stien yn Holwert en Pitsersbierrum. Yn Pitsersbierrum is hy (nei in lang en lokkich houlikslibben mei Reinskje Lourensz: 1833-1918) ferstoarn op 12 desimber 1918. Faber wie leafhawwer fan it Frysk en hy wie tige muzikaal. Hy wie meiwurker fan it Frysk Lieteboek.

1. Wurd fan wolkom

'Hooggeëerd publiek'!

It is hast alwer oardel jier lyn dat de fraach by my dellein waard om in revu te skriuwen foar it 100-jierrich bestean fan it Kristlik ûnderwiis yn Tsjerkwert.

Ik haw besletten dizze útdaging oan te gean. Sjonge, tekstskriuwe, teater en smynke binne saken dêr't ik mysels tige yn fine kin. Mar it skriuwen fan in hiele revu hâldt hiel wat mear yn; in protte lêswurk, kop-kreakjen en prullebakken fol mei ferfrommele papierkes. Uteinliks hat dit -Revu De Bernewrâld- oplevere.

De Bernewrâld is de namme fan it bekende fers fan Wijnsen Scheltes Faber*, dat my tige oansprutsen hat. Pas letter krige it gehiel it tema sirkus mei, om wat mear sjo en sjeu yn it stik te bringen.



Yn de beleving fan bern sil de wrâld fêst in sirkus wêze mei syn hichte- en lichtepunten. Beleving is nei myn tinken it wichtichste yn de wrâld fan bern: fiele, sjen en hearre. En dat alles hat dit sirkus jo te bieden mei har sfear, kleur en muzyk.

It hat in protte enerzjy koste, mar it hat my foaral de lêste wiken troch de ynset fan sa-folle entûsjaste minsken ek in bulte nocht besoarge.

Minsken... dêrfoar myn tank.

Ik bin benijd, want jûn is it sirkus, jim sirkus,


Sukses!

Foar alle taskôgers jildt:

Van harte welkom in ons circus!
Ons programma is fantastisch, wervelend en vol!
Vanavond zullen jullie adembenemende momenten beleven!
Dit circus is uniek en trekt overal veel publiek!
Artiesten van over de hele wereld werken aan dit circus mee!
Ze trainen hard, zijn zeer talentvol en gek op variété!

In noflike jûn!

Rieneke Boersma-Speerstra



2. Ferskes

Do moast nei skoalle!

Melody: Kom van dat dak af - Peter Koelewijn
Solo: Pake Sjoerd (Henk van der Zee)
Tekst: Rieneke

Hé Hé Hé!

Do moast nei skoalle, bist fierste let.
Sjoerd, Sjoerd, Sjoerd, do moast nei skoalle, sa kin it nèt!
Do moast nei skoalle, bist fierste let.

Master wachtet op dy, hy is echt net sa blij.
Do bist altyd te let, nee sa kin it dochs net.
Do hast altyd in smoes', oer buorfrou Jantsje har poes,
oer dyn ketting en de brêge

Do moast nei skoalle, bist fierste let.
Sjoerd, Sjoerd, Sjoerd, do moast nei skoalle, sa kin it net!
Do moast nei skoalle, bist fierste let.

Hast oan skoalle de pest, jonge doch no dyn best.
Traapje hurd ne't skoalplein, hoe faak haw'k it no sein.
Do hast altyd in smoes', oer buorfrou Jantsje har poes
oer dyn ketting en de brêge

Do moast nei skoalle, bist fierste let.
Sjoerd, Sjoerd, Sjoerd, do moast nei skoalle, sa kin it nèt!
Do moast nei skoalle, bist fierste let.

Bern bliuwe bern

Melody: My favorite things - Sound of Music
Solo: Jildou Blanksma en Bertus Rinse Bakker
Tekst: Rieneke

Skriuwe dat dogge wy net mei in fear,
master dy neamme wy net mear menear

Topje en hoepelje dat seit ús neat,
tiden feroarje, mar bern bliuwe bern

Bern hawwe piercings yn tepel of noas,
Spikerbroek, skoaltelevyzje, 't is oars
Ynternet, apesturt dat seit ús neat,
tiden feroarje, mar bern bliuwe bern

Hoe sil it wêze sa'n hûndert jier fierder,
bin der noch skoallen en masters en juffers
Wa sil it sizze, it seit ús no neat
tiden feroarje, mar bern bliuwe bern

En de tiid dy hâldt gjin skoft en
tsjin dy tiid binne wy
achterhelle, âlderwetsk en net mear yn,
mar bern bliuwe bern, echt wier

Wa't ik bin

Melody: *Wa't ik bin - De Fûke / De Kast en Maaïke Schuurmans*
Solo: *Sytske Batteram-Postma*
Tekst: *Rieneke*

kin jim net sjen
kin jim net oan myn eagen sjen
dat ik graach boartsje wol mei jim
wat ha ik dien
bin ik dan oars as eltsenien
wat haw ik dien, wat haw ik dien

'k stean allinnich op't skoalplein
en der wurdt niks tsjin my sein
ik laitsje wat
mar nimmen sjocht myn triennen

wy kin wol sjen
wy kin wol oan dyn eagen sjen
datsto graach boartsje wolst mei ús
do hast niks dien
mar bist wat oars as eltsenien

do hast niks dien, do hast niks dien

stiest allinnich op't skoalplein
en der wurdt niks tsjin dy sein
do lakest wat
mar nimmen sjocht dyn triennen

ik dreamde krekt as jim ek fan in soargeleaze jeugd
wêrom lit jim my net wêze
lit my wêze wa't ik bin
ik soe sa graach ek fiele wolle, fiele wat it is
wêrom lit jim my net wêze wa't ik bin

mar de jierren reitsje wei
en de tiid dy nimt ús mei
wy kinne net feroarje sa't it is

ik dreamde krekt as jim ek fan in soargeleaze jeugd
wêrom lit jim my net wêze
lit my wêze wa't ik bin
ik soe sa graach / do soest sa graach ek wolle / ek fiele wolle
fiele wat it is / ek wat it is

wêrom lit jim my net wêze wa't ik bin
wêrom lit jim my net wêze wa't ik bin

Ik tink werom

Melody:

Ding a Dong - Teach in

Solo:

Baukje Mulder-Postma en Sietse Gietema

Tekst:

Rieneke

't is al hiel lang lyn
mar 'k bin dy nea ferjitten
alles giet foarby
mar do bliuwst yn myn hert

wiest myn bêste maat
myn boarterskameraat
myn leafde foar it libben
ik tink werom

oan de tiden dy't wiene
alles wat wy diene
alles wat wy hiene
ik tink werom

(2x)

as 'k myn eagen slút
dan kin ik dy wer fiele
yn myn dreamen rin ik
mei dy hân yn hân

langs it âlde paad en
plakjes dêr't wy boarten
oer it grutte skoalplein
ik tink werom

oan de tiden dy't wiene
alles wat wy diene
alles wat wy hiene
ik tink werom

(2x)

werom oan dy

tink werom, tink werom oan dy

't wie de tiid fan ús libben
ús bernetiid

do en ik, pratend laitsjend en dûnsjend
gien' de soargen oan ús foarby

gien' foarby

tiid fan ús libben,
pratend, laitsjend, dûnsjend mei dy

'k seach dy hjoed wer stean
der is sa'n soad feroare
mar dyn eagen bin' noch
itselde bleaun

bliuwst myn bêste maat
myn boarterskameraat
myn leafde foar it libben
ik tink werom

oan de tiden dy't wiene
alles wat wy diene
alles wat wy hiene
ik tink werom

oan de tiid fan ús libben
do en ik tegearre
pratend, laitsjend, dûnsjend
ik tink werom

oan de tiden dy't wiene
alles wat wy diene
alles wat wy hiene
ik tink oan dy

Bye Bye Bye Byeeeeee!

As alle hope

Melody: *As alle hope - de Dobber*
Tekst: *Fedde Schurer*

As alle hope driget te stjerren
En alle útsjoch is njûr en swart
Dan is it goed wer opnij te hearren
Nei 't wurd dat Jesaja sprutsen hat.

Jesaja hat dit fan God fernommen
En 't boadskip mei blidens trochferteld:
Der steane oare tiden te kommen
Nei ieuwen striid en wreed geweld

Want as de folken by ramp en pleagen
Har ried tenein gjin ûntwyk mear ha
Dan keare hja op it lêst har eagen
Fansels nei de Heare ta

Dan sykje hja skûl by God de Heare
En freegje yn't djipst ferlet:
"God, wol ús Jins goede wegen leare
ús libben rjochtsje nei Jins wet"

Hja komt troch delten en oer hichten
En nimmen wurdt mear bedrige of deard
Har swurden smeyden hja om ta sighten
En oarloch wurdt net der mear leard.

Dan sil in nije wrâld begjinne
Dêr't Gods wurdt gjin deade letter is
De ierde sil fol fan Syn leafde rinne
Sa't de oséaan fol wetter is

De ierde sil fol fan Syn leafde rinne
Sa't de oséaan fol wetter is

Skoalreiske

Melody: Moarn sill' wy de hjouwer slaen
Tekst: Skoalreiske - Tiny Mulder
Bewurking: Rieneke

hoi, hoi, wy bin' hjoed op reis
hiel de klasse ûnderweis
in goed sin en brochjes mei
't wurdt in prachtich moaie dei
goeie minsken allegear
jim sjogge ús jûn wol wer

hoi, hoi, hoi, dêr gean wy dan
fleane, drave, machtich man !
hjoed hat master in bêst sin
ja sa prima as't mar kin
pierewaaie, dan patat
jonges, wat in dei wurdt dat

Reinbôge

Melody: Edelweiss - Sound of Music
Solo: Klowntsje (Welmoed Blanksma)
Tekst: Rieneke

Reinbôge, reinbôge, altyd as ik dy sjoch
Dan tink ik oan Hear' ús Heit, oan ferbining mei Him
Dyn prachtige kleuren dy sizze my
Dat God altyd klear stiet
Reinbôge, reinbôge, 'k bin sa nea mear allinnich

Reinbôge, reinbôge, stiest foar leafde en trou
En as ik my iensum fiel, tink ik gau wer oan dy
Dyn prachtige kleuren dy sizze my
Dat God altyd klear stiet
Reinbôge, reinbôge, 'k bin sa nea mear allinnich

Oan alles komt in ein

Melody: Why tell me why - Anita Meyer
Solo: Geartsje Reijenga-van der Wal
Tekst: Rieneke

Ik wie in bern sa as wy allegearre wiene
les krigen wy op de skoall' yn't doarpke Tsjerkwert
hûndert jier skoalle, kristlik ûnderwiis
hjoed ha wy dit mei syn allen fiere kinnen
tink mei ús mei

minsken, wit oan alles komt in ein
echt wier wy hawwe al in hiele protte sein
ek foar jim en om ús eigen nocht
sjong' wy dit lietsje noch wy ha't mei wille brocht

Oooh
Oooh Yeah
Oooh
Oan alles komt in ein

Do en ik, hy en sy, sy en wy wienen derby
100 jier bin' foarby

en dat, en dat, fiere wy

minsken, wit oan alles komt in ein
echt wier wy hawwe al in hiele protte sein
ek foar jim en om ús eigen nocht
sjong' wy dit lietsje noch, wy ha't mei wille brocht

Oooh

Oooh Yeah

Oooh

Oan alles komt in ein

nei dizze jûn dan giet eltsenien syn eigen paad
mar sjogge wy jim wer oooh
nei dizze jûn dan giet eltsenien syn eigen paad
der komt in dei dan sjogge wy jim wer

nei dizze jûn dan giet eltsenien syn eigen paad
mar sjogge wy jim wer oooh
nei dizze jûn dan giet eltsenien syn eigen paad
der komt in dei dan sjogge wy jim wer

nei dizze jûn, dizze jûn, dizze jûn!
nei dizze jûn, dizze jûn, dizze jûn!
nei dizze jûn, dizze jûn, dizze jûn!
nei dizze jûn, dizze jûn, dizze jûn!

3. Gedichten

Allinne

Skriuwster:

Tiny Mulder

Troch:

famke (Sytske Batteram-Postma)

Net ien wol mei my boartsje,
net ien sjocht om nei my,
en as sy dropkes hawwe,
miensto, dat ik ien krij ?
Op har jierdei-fuifkes
freegje se noait my.
Bin ik sa'n dikke minne ?
Ik fiel my sa allinne.

'k Woe graach oan alles meidwaan,
mei ljeppes oer de sleat,
mei keatse, hutten bouwe
en fiskje yn de feart.
Nimmen seit fan: 'Kom jong !'
Ik sis dan ek neat.
Sneons gear' k in ein te rinnen
mei heit, of oars allinne.

Soms wurdt ik wol sa hellich,
dan woe ik elk wol slaan
en al dy flauwe jonges
goed op har koppen jaan.
'k Wit wol, slaan en skippe
heart men net te dwaan,
mar 'k wurd sa lulk fan binnen
as 'k dêr wer stean, allinne !

Oarloch

Skriuwer:

Obe Postma

Troch:

Klowntsje (Welmoed Blanksma)

Wy binn' as op in skip, op wylde sé,
de grûn fersinkt en wei is alle hâld;
Wy kinne neat en witte net wat komt,
want bline machten boartsje mei de wrâld

Wêr is de nocht oan 't lytse minskebistean,
oan blom en krûd ? Moarn is 't fan de ierde slein !
't Is net de muoite wurdich syn leafde wei te jaan;
moarn rint de wrâld oarsom, wachtsje op it ein

Reinbôge

Tekst nei:

Genesis 9, fers 11-16

Stim:

Sietse Gietema

Nea sille alle wêzens wer troch in wetterfloed útroege wurde.
Der sil tenei net wer in floed komme dy't de ierde ferdjerre sil

De Reinbôge is it teken fan it ferbûn
Dat stiet tusken God en de minsken
En alle libbene wêzens by de minsken,
Foar altyd, alle geslachten troch.

En as God dan wolken oer de ierde bringt,
dan sil dy bôge te sjen wêze.
Dan sille wy tinke oan it ivich ferbûn dat der is
tusken Him en alles dat libbet;
alle wêzens op ierde, bisten en bern

4. *Meiwurkers*

Skoalbern en akrobaten:

Sjoerd Bakker
Yde Schakel
Cor de Groot
Klaas Haijtema
Geartsje Haijtema
Jildou Blanksma
Sytske Gietema
Marrit Schakel

Klowntsje:

Welmoed Blanksma

Koar:

Sietse Gietema
Bertus Rinse Bakker
Meinze Bakker
Peter Bakker
Geartsje Reijenga-van der Wal
Sytske Batteram-Postma
Baukje Mulder-Postma
Anna Gietema-Wiersma

Skoalmaster:

Pake Sjoerd:

Willem:

Leen Huisman
Henk van der Zee
Peter van der Logt

Fuotballers:

Jelle Feenstra
Harmen Posthumus

Mem en Maria:

Josef:

Sinteklaas:

Swarte Pyt:

Sprekstâlmaster

Geke Bakker
Rintsje Bakker
Evert Bakker
Gritta van Buren
Jan Dijkstra

Candy-girls:

Feikje Hylkema
Anneke Hylkema

Muzyk:

Folkert Hofstra: Toetsen
Arjen Steur: Saksofoan

Meiwurking efter de skermen:	Thea Bakker Minke Hazenberg
Ynstekster:	Titia Hylkema
Smynk en kapwurk:	Jolanda Lanting-Heins Cocky Siderius Yke Tjalsma
Lûd en ljocht	Inferno Stage Utilities / Snits
Technyske stipe:	Marten Hylkema Fokko Rollema
Muzikale lieding:	Jan Blanksma
Tekst sêne 17 (fuotballers)	Jelle Feenstra

5. *Mei tank oan*

Dia-bewurking:	Frans Mulder / Harich G. Mulder
Fideo-bewurking:	Jelmer Wijnja
Tribunes:	Iepenloftspul / Jorwert
Fideo-opname:	Just look / Greonterp
Teaterdoeken:	Wies Noest / Harns
Ynterview master Hibma:	Nico Postma / Hilversum
Dekôrstikken:	Jehannes Dijkstra Sytske Dijkstra
Bouploech tribunes:	Jehannes Dijkstra Rinny Hiemstra Jan Postma Bouwe Speerstra Sieko Postma Jelle Zijsling Johan Huitema Yde Schakel
Programmaboekje:	Arjen Steur Groep 6, 7, 8 fan "De Reinbôge"

Ek ús tank foar alle oare minsken dy't op hokker wize dan ek mei-
wurke hawwe oan Revu De Bernewrâld

***Spesjale tank giet út nei de famylje U. Haarsma foar
harren gastfrijheid en it brûken fan harren loads!!!***



***Rezjy, teksten en muzyk nei ideeën fan
Rjeneke Boersma-Speerstra***

25-10-2002